



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LV nûmer 3

septimber 2006

ISSN 0166-6029

## SONNET OP IT SONNET

*"Klink helder op, gebeeldhouwde sonnetten!"  
De fûle paukeslach fan Perk klonk fier.  
Rûnom ferstie in jonkheit, frij en blier,  
In nij ûnthjit, bûn oan der skjintme wetten.*

*Klink jitris op! de mûle yn 't kier  
Haw ik de mjitte kein en kreas útmetten.  
Wat wien' hja eartiids moai, kante sonnetten...  
Mar 't past my net, it wol net mear.*

*lit my yn lytse wurden  
prevelje wat bliuwt  
leafde, ferlies, ferlangst*

*'ik ha dy net fernommen  
yn tiden net; al sûnt hoenear,  
hoe lang?'*

*Geecke Sybesma*

Samlers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: €5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

---

## Meirinnerij en Forwar yn de Tael

*Yn 'Lyts Frisia' nûmer 1 fan dit jier neamt Bertus Postma de minne taelbihearsking by de Ljouwerter Krante mei as foarbyld it wurdslachte fan folksfortsjintwurdging. Yn it Hollânsk is dat slachte froulik en by ús manlik. As jo it wurdslachte net wite, kinne jo twa dingen dwaen: opsykje - bygelyks yn Sipma syn Ta it Frysk III - of riede.*

Jaep Vergonet

Nou kinne wy de Ljouwerter Krante as in krante fan meirinneren. Fan 1940 oant 1945 hienen se grif goed ret, hwant yn it Dútsk is it *der Ring* en *der Frühling*, mar nou gong it mis omdat yn it Hollânsk wurden mei de útgong *-ing* oer it generael froulik binne.

Meirinnerij is in libbenshâlding dy't ûnderskate oarsaken hat. Ien fan de oarsaken is grif de biheining fan mennich meirinner, dat er mar ien tael tagelyk oankin. My heucht de útspraek fan in frou, dat se suver hast Frânsk tsjin de molkman prate soe omdat se krekt fjirtjin dagen yn Frankryk west hie. Dat hie neffens my minder mei eigenwizens to meitsjen as mei har ûnfermogen om lykas in tolk flot tusken twa talen to skeakeljen.

In dúdlik foarbyld fan meirinnerij is de stavering fan it 'stimleaze lûd', lykas de *u* yn *brutsen* en de *i* yn *it*. Ety-mologysk likemin as fonologysk is in reden to bitinken om it stimleaze lûd as in *e* to staverjen. Dêrfoaroer stiet it forwar, dat wy bygelyks tsjinkomme yn it brûken fan *mearke* ynsté fan *sprookje*. *Sprookje* liket to folle op it Hollânsk en dan is it minder slim, dat *mearke* krekt op it Dútske *Märchen* liket. *Hiel* stiet optysk ek fierder fan it Hollânsk ou as *heel* en it *heul* fan de Wâldsers krijt ek gjin kâns, hwant de lju sprekke *hy* en *my* út sa't ús

foarâlden dat ek dienen, wylst wy, dy't *hij* en *mij* sizze, ús yn de stavering tsjin ús eigen útspraek forwarre.

In moai foarbyld fan forwar hat yn Poalen pleatsfoun ûnder it regear fan Stanislaw August Poniatowski, dat duorre fan 1764 oant 1795. Polityk is Poalen yn dy tiid yn trije kear - 1772, 1793 en 1795 - fordeeld en dêrmei ophâlden to bistan. Pas yn de sechstjinde ieu hie it Poalsk it Latyn as offisjele skriuwtael forfongen. Om it Poalsk as lânstael to sterkjen is ûnder Stanislaw August it brûken fan Latynske wurden weisuvere troch in taelfornijing.

De tragyk fan it Poalske forwar is, dat wol it âlde Latyn de nekke om-draeid waerd, mar dat it neat help tsjin de ynfloed fan it Dútsk - sûnt de midsieuwen - yn de ambachten, it stêdsbistjûr en de kriichskeunst, tsjin de ynfloed fan it Tsjechysk dat al in lange letterkundige tradysje hie yn de sechstjinde ieu, noch tsjin it Frânsk, dat sûnt it bigjin fan de achttjinde ieu in soad wurden oan it Poalsk skonken hat.

De tragyk fan it Fryske forwar is, dat yn it boerebidriuw de robot syn Russyske komôf earet troch it wurk de boer út hannen to nimmen, dy't dêrtroch tiid krijt om efter syn computer Amerikaensk idioom op to sûngen, dat him net allinnich tal nije

---

wurden jowt, mar him ek yn steat stelt om de folchoarder fan de wurden - lykas syn bern - 'to kinne foroarje' ynsté fan 'foroarje to kinnen'.

Nou soe men dochs dy meiriners yn de Fryske steaten wolris sjen

hawwe wolle to kôgjen oer in deeglike strategy en útfiering om it wêzen fan de Fryske tael fuort te sterkjen ynsté fan it breidzjen fan in doelleas foarskrift oer it staverjen fan wurdt-sjes.


---





B.J. Postma:

## OAN DE **G**EMEENTERIE FAN IT **H**EARRENFEAN

*Achtbere rie,*

*Nei't jim yn jim gearkomste fan 16 febrewaris myn brief fan 27 jannewaris ûnder eagen krigen hiene en it fierders mar oan jim boargemaster oerlitten hiene om it te beânderjen, harw ik fan him beskie krigen. Yn syn skriuwen fan 27 maart gie er der net ynhâldlik op yn. Hy makke him fan alles ôf mei 'gjin aktyf belied'.<sup>1</sup>*



-  Dûbeltalich
-  Twatalich
-  Ientalich Frysk
-  Ientalich Hollânsk

---

<sup>1</sup>Yn 'Taalbelied by gemeenten' fan it Berie foar it Frysk (Ljouwert 2005) bongelet jim gemeente ûnderoan yn de tabel op side 42. It liket my net wat ta om grutsk op te wêzen.

---

*Op dy foet wurd ik no fan de muorre nei it sket en fan it sket nei de muorre stjoerd. Min dwaan fan de kant fan de oars sa foarname Crackstrjitte.*

*Foarop stiet, dat jim boargemaster in alderfreonlikst en earlik man is, fan betinken, dat wy as de Frânsen moatte soene mei in 'oars net as Frysk, it oare kin deafalle'. (Ljouwerter fan 17 desimber 2004) Hy miende it, syn wurd wie in wurd fan wierheid. Hy soe in boargemaster foar alle Friezen wêze wolle, foar de twatalige Friezinnen en Friezen en foar de ientalige Hollânskpraters.*

*De rieden fan alle gemeenten-op-ien-nei hiene in hiele haal dien mei har eigentalige wetternammen, doe't de boargemasters yn deselde grutte ienriedigens harren sint yn it taalponkje dwaan koene. Mar yn 'e goedichheid! Wa hie doe tinke kinnen, dat jim alris, tusken de ierappels en de brij yn, in taalplan betocht hiene om dêr alle Frysk mei út de publikaasjes te kearen? Dat plan/belied soe jim boargemaster wolris raar yn 'e wei komme kinne te stean as er mei in dûbeltalich boargerjierferslach ienriedich en solidêr wêze woe mei de rykskommisaris en syn kollega's yn Balk, Burgum, Dokkum, Drylts, Ferwert, Grou, De Jouwer, Snits, Stiens, De Sweach, Wytmarsum en Wommels <sup>2</sup> - en dy't der noch by komme.*

*Troch myn briefke fan 27 jannewaris rekke jim boargemaster der yndie glêd mei oan: moast er iepentlik stean mei ús rjocht op in dûbeltalich boargerjierferslach óf mei de riedsmacht en syn njoggentjinde-ieusk 'keare dat Frysk'? Hy skreau my: "Foar it boargerjierferslach wol ik net ôfwike fan de algemiene line dy't de gemeente It Hearrenfean hantearret foar har publikaasjes." Syn 'wol ik net' seit datoangeande hiel wat.*

*Jim boargemaster, taalman as gjin oarenien, stie yn syn rjocht om in dûbeltalich jierferslach te skriuwen - de rie hat dêr nul en neat oer te sizzen - mar hy bûgde, beleave net con amore, foar jim, hast kontrafrysk, taalbelied. En dat wie wer fan dy gefolgen, dat er mei in draaiwaarle yn 'e mûle prate moast.*

*Ik tref genôch folk dat wat op ús delsjocht, en genôch folk dat him foar eigen wat skammet. De boargemaster fan de Brokstêd is net ien fan dyen. Hy hat him ús sprake oaneigene, praat en sprekt no rûnom en oeral as ien fan ús en skriuwt syn boargerjierferslach (ek) yn ús taal. <sup>3</sup> En de riedsleden yn de twadde stêd fan ús lân sjogge net (mear) op ús del en skamje har net (mear) foar har boargemaster, dat der is sadwaande foar jim yn it twadde doarp fan ús lân likemin grûn foar in fielen fan mearwaardigens en/of skamte.*

*Mei jim formele ferantwurdlikens beheind wêze ta folken en geaën binnen de eigen gemeentegrinzen, jim maatskiplike ferantwurdlikens giet fier oer dy grinzen hinne. Yn Bûtenpost, Frjentsjer en op 'e Lemmer sille se sizze fan: "De boargemaster op It Fean ek al? Dan uzes ek, dy binne gjin stoer minder!"*

*Ik haw jim al skreaun, útlein en ferklearre, dat in ientalich, i.e. Hollânsktalich, boargerjierferslach yngiet tsjin mear as ien grûnwet en it betinken fan wize en ferstanige Majesteit, en dat it delkomt op diskriminaasje en ûnferdraachsumens. Ik rekkenje dat jim mear en better omtinken oan ien en oar jaan sille as yn jim gearkomste fan 16 febrewaris en dat jim it njoggentjinde-ieuske kontra-argumint fan 'keare dat Frysk' farre litte sille.*

*Ik trúnje jim oan om by jim boargemaster oan te trúnjen om in dûbeltalich boarger-*

---

<sup>2</sup>De oanbelangjende gemeenten binne op 'e bygeande plattegrûn swart kleure.

<sup>3</sup>Lyksa hat er syn oprop om op 7 maart te stimmen (ek) yn de taal fan ús lân skreaun.

---

*jierferslach, sa't jim politike maten yn de steaten dien hawwe by de kommissaris en jim politike susters en bruorren, kammeraatskes en kammeraten en freondinnen en freonen yn de rieden yn Burgum en Grou diene by hár boargemasters. Jou jim boargemaster it frij, om ienriedich en solidêr te wêzen mei de kommissaris en syn (no al) tolve kollega's yn oare gemeenten.*

*Mei Bitgummoolster achtinge.*

*Neiskrift: Myn fizier stiet nachts en deis iepen, dat jim boargemaster kriget in print fan dit briefke.*

---

J. Jongsma:

## KOART BOEKENIJS (12)

☆ Ein augustus ferskynde by de KFFB de útjefte 'Fan bern, klúnkoek en tsjerken'. It is in bondel mei stikjes fan Jan Dotinga, dy't earder yn 'De stim fan Fryslân', it Grifformearde tsjerkeblêd fan de klassis Kollum en 'Geandewei' stien hawwe. Dizze moanne waard troch de KFFB in roman fan Lieuwe Pietersen útbrocht mei as titel 'De frou yn it swart'.

☆ By de Friese Pers Boekerij ferskynde yn maaie in boek oer de Jouster bedriuwen en ambachten yn de perioade 1877-1920. De titel is 'Op de vleugelen des tijds' mei as ûndertitel 'Bedrijvigheid in Joure van 1877 tot 1920'. It is skreaun troch Hanneke Staal en Hilly ten Wolde. De mei 250 foto's en 20 tekenings yllustrearre útjefte telt 144 pagina's.

☆ Ferhipte spitich dat de Friese Pers Boekerij hieltiten faker boeken yn it Hollânsk útbringt oer spesifike Fryske ûnderwerpen. Dat jildt net allinne foar boppesteand boek oer de bedriuwichheid op 'e Jouwer, mar benammen ek foar it yn maaie ferskynde boek oer de ferline jier ferstoarne keatser Hotze Schuil. It hat as titel 'De Lange - Hotze Schuil - Keizer onder kaatskoningen'. De biografy oer Fryslâns bekendste keatser is skreaun troch Jelle Bangma, Wio Joustra en Ate de Jong. In boek oer de ferneamste Fryske keatser yn it Hollânsk! Nochris, spitich dat foar dy taal keazen is.

☆ Yn it foarige nmer waard de tredde roman fan Koos Tiemersma oankundige mei as titel 'De swarte ibis'. It op 15 maaie útkommen boek kriget krekt foar ferskinen lykwols in oare titel: 'It liet fan de ibis'. It is in 256 siden tellende speurdersroman, dy't tbrocht waard troch de Friese Pers Boekerij.

---

☆ De Ljouwerter publisist Willem Winters hat in eigen útjouwerijke: 'Perio'. Yn faak lytse oplagen jout er no en dan nijsgjirrige boekjes út. Yn maaie wie dat wer it gefal mei de útjefte 'Hjir de foto wer'. It is in boekje mei koarte bryfkes, eins kladsjes, dy't er as Strikelmeiwurker fan Hylkje Goinga (1930-2001) krige. Dy hat fan 1987 oant 1995 (it jier fan it opdûken fan De Strikel) einredaktrise west. Ald-Strikelredakteur Piter de Groot skreau de ynlieding foar 'Hjir de foto wer'.

☆ Utjouwerij Bornmeer brocht yn augustus in troch Eelke Brolsma skreaune doku-roman út oer syn foarfaar Hessel Brolsma, dy't meidien hat oan de tsiendeiske fjildtocht. By dyselde útjouwerij ferskynde de twadde bondel mei frouljusferhalen fan Wike de Haan mei as titel 'Ophise en delbêdzje'.

☆ Hendrik Land fan Surhústerfean hat in boek gearstald oer de skiednis fan De Harkema. It hat as titel 'Van Harckma Op 't Einde tot Harkema-Opeinde'. De útjefte, dy't yllustrearre is mei in hiel soad foto's, hat Land yn eigen behear útbrocht.

☆ Utjouwerij Frysk en Frij brocht fan 'e simmer twa fersebondels op 'e merk. Fan Margryt Poortstra ferskynde 'Nomaden' en fan de yn Snits wenjende Jelle Zwart 'Sân skeppen sâlt'.

☆ Utjouwerij Venus brocht ein augustus in novelle fan Trinus Riemersma út. De titel is 'De fûgel'. Ek ferskynde der in bondel ferhalen fan Wobbe Atsma mei as titel 'It liket op fleanen'.

**B.P.:**

**KULTUERBARARIJE**

*Carlo Bergonzi fan Cremona wie in ferneamde fioelemakker, in earsten fakman. Fan al syn fioelen wiene hokkerjiers noch fyftich oer. Ferline jier soe der ien fan ferkocht wurde, ien, dy't Paganini noch ûnder 't kin hân hie. De feilinghâlders yn Londen rekkenen har al ryk, se rûsden it spylark op wol 750.000 euro. In stifting yn Moskou soe der op biede om der de priiswinder fan in fioelwedstriid dan in jier op spylje te litten. Safier is it net kommen. De earste fan novimber 2005 kaam de fioele ûnder de hammer en doe wiene der noch mar njoggenenfjirtich 'Bergonzis' oer. Yn de Volta- en Siksmastrjitte harwe Deiblêd en Ljouwerter der like lekker om sliept...*

## OER DE GRUN EN DE GRUNWET FAN DE SINTRALISTYSKE NEDERLANSKE STEAT

**D**er is hiel wat ôfskreaun oer it foar of tsjin fan de Europeeske grûnwet. Nijsgjirrich is dat de minsken harren no bewust lykje te wurden fan de noeden foar it eigene en it baas yn eigen hûs wêzen. Dat jildt foaral sterk foar in lyts lân mids de grutte en mids sa folle oaren yn in sintralistysk Europa. It docht fansels sterk tinken oan it selde fielen fan in protte Friezen yn it lytse Fryslân yn in manmachtige sintralistyske Nederlânske steat. En it is aardich te sjen hoe't no ek de net-Fryske Nederlanners mei deselde arguminten smite, dêr't de Friezen harren al sa lang fan betsjinne hawwe. Spitigernôch sjogge dizze minsken oer it generaal net it neamde ferbân mei de Fryske situaasje yn Nederlân. Jo soene de opskuor yn de media yndie suver wol in fryslândisearring fan Nederlân neame kinne.

It referindum gie dúdlikernôch lang net mear allinnich om de Europeeske grûnwet. It gie om in foar of tsjin de globalisearring, de skaalfergrutting op alle mêd, it oerhearskjende merk- en privatisearringstinken, de ûnbehearskbere ynfloed fan multinationals, de rûnten fan skamteleaze selsferrikers, it oer jo beslist wurden, it ferlies fan it eigene, it fielen fan machteleazens tsjinoer dizze krêften, ensfh. Koartsein oer alle saken dy't Schuhmacher yn 1973 yn syn 'Small is beautiful' beskreaun hat. En al dizze, fansels al hiel lang slomjende, fielens waarden no manifest makke troch de diskusjes oer de útstelde Europeeske Grûnwet.

As jo de analogy wat fierder tebek trochlûke, is it nijsgjirrich stil te stean by it ta stân kommen fan de earste Nederlânske grûnwet. En te filosofearjen oer

wat as der bard hie as dy iepen stien hie foar in referindum. In nijsgjirrich byld yndie. Fansels wiene de tiden oars, massamedia ôfwêzich, minsken minder skoalle, ensfh. Dy troch G.K. van Hoogendorp sketske earste grûnwet waard yn 1814 goedkard troch in gearkomste fan notabelen. Fan in behoarlik kiesrjocht wie noch gjin sprake. Mar lit ús net ferjitte dat **yn dy earste grûnwet it sintralistyske 'Koninkrijk der Nederlanden' optúgd** waard, en it op slach folslein ôfrûn wie mei de selsstanigens fan de lannen fan de 'Republiek der Verenigde Nederlanden'. It wie dus wol in hiel wichtich barren! Dêrfoar yn 't plak kamen provinsjes sûnder echte macht, feitlik ûnder in soarte fan kuratele fan in sintralistysk regear.

*(sjoch side 42)*

---

## *Berber*

*Isabelle(1959)*

*At Berber sliapt beweecht der neat mear  
At Berber sliapt yn it prieel fan plezier  
Dan witst dat se Gasterlân rôvet  
Ut oseanen it seewier  
It fjoer fan de Strombili dôvet  
en yn Cairo in feest fiert  
At Berber sliapt beweecht der neat mear  
At Berber sliapt yn it prieel fan plezier  
Dan rôvet se dreamen en glinsters  
Fan wylde roas, wiete skiep  
Brûkt se harren eagen as finsters  
Berber sa moai at se sliapt*

*At Berber laket beweecht der neat mear  
At Berber laket yn it prieel fan plezier  
Witst dat se rôvet en weinimt  
It laitsjen fan brûzjende streamen  
It iis fan de poal dat har myld stimt  
In part fan Cleopatra's dreamen*



---

*At Berber laket beweecht der neat mear  
At Berber laket yn it prieel fan plezier  
Dan rôvet se de kaai fan Eden  
Har hert dat sa in paradys wurdt  
Hat foar de leafde wer in reden  
Berber sa moai at se laket*

*At Berber sjongt beweecht der neat mear  
At Berber sjongt yn it prieel fan plezier  
Dan witst dat se rôvet yn it kantwurk  
Ferweefd yn it hert fan de geale  
Sa is se de sang fan de fjildljurk  
Al wer is se wakker fereale  
At Berber sjongt beweecht der neat mear  
At Berber sjongt yn it prieel fan plezier  
Dan stelt se de muzyk fan it papier  
It lûd fan in akkordeon  
Har stim is in lokjend klavier  
Berber sa moai at se sjongt*

*(Ut: Brel, in Fries  
Oersetting Tsjêbbe Hettinga & Wilco Berga)*

(ferfolch side 39)

Yn 1840 en foaral yn 1848 waard de grûnwet yngeand demokratysearre, en waard de ferkiezing fan de 1e keamer troch de provinsjale steaten en de streekrjochte ferkiezing fan de 2<sup>e</sup> keamer ynfierd. Ek it goedkarren fan dy ferbettere grûnwet wie noch gjin demokratysk barren. It kiesrjocht wie doe nammentlik it foarjocht fan mannen dy't in bepaalde slompe jild oan belesting betellen (censuskiesrjocht). Net earder as yn 1919 waard it algemien kiesrjocht ynfierd.

Yn it Europa fan de EU mei syn útstelde grûnwet hat in lidsteat noch altiten it foech om as lân út de EU te stappen. Mar yn it 'Koninkrijk der Nederlanden' hat in provinsje dat foech nea hân, en it is hast net mooglik om mear foech foar in provinsje te befjochtsjen op wei nei in gruttere autonomy. Foar dit soarte fan saken is in feroaring fan de Nederlânske grûnwet nedich, en de proseduere dêrfoar is dreech, en is wiidweidich beskreaun yn de grûnwet sels.

**Yn 1814 hat de befolking dus net yn in referindum kieze kinnen oer de grûnwet.** M.o.w. de minsken hawwe harren net útsprekke kinnen oft harren lân wol as net yn it Keninkryk ûnderbrocht wurde moast, mei it opjaan fan harren selsstannigens. Wat mei in referindum foar Europa kin, moat dochs ek foar Nederlân kinne, en dan yn omkearde rjochting. By wize fan validaasje fan it nota-

belenbeslút út 1814. Wat let it regear yn Den Haach en hâldt ek in referindum per provinsje foar as tsjin in oanpaste grûnwet mei in nije steatsyndieling, mei in wiere desintralisaasje fan it foech út Den Haach wei. Mei in nijmoadrich wurd: Subsidiariteit avant la lettre. In referindum oer in gruttere autonomy fan de provinsjes, op syn minst op it nivo fan de Switserske Kantons, de Dútske Bundeslander, of de Amerikaanske Steaten. In binend referindum mei promoasjekampanjes fan de politisy út Den Haach en de provinsjes, politike partijen, organisaasjes, ensfh. Gjinharenakkoart fan notabelen, mar kieze op basis fan demokratyske prinsipes. Ik bin hiel benijd hoe't de minsken yn de ferskate provinsjes stimme soene. En yn it bysûnder de minsken yn Fryslân. Foar de Fryske frijheid soe it wol de oere fan de wierheid wêze.

N.B.: As foarbyld fan de bopeneamde analogy hjirby in artikel oer de Europeeske grûnwet fan in 2<sup>e</sup> keamerlid yn de Volkskrant d.d. 24-05-2005, **wêryn ik Europa feroare ha yn Nederlân, en Nederlân yn Fryslân:** ... dan is het helder dat deze Nederlandse Grondwet niet in ons belang is en wel degelijk een volgende stap op weg naar een Nederlandse superstaat... We maken in Fryslân niet meer de dienst uit, zei staatssecretaris... van Nederlandse zaken. Wie dat wil voorkomen en wie de baas in eigen land wil blijven, kan niet anders dan tegen deze grondwet

---

stemmen. Een tegenstem is dan ook geen stem tegen Nederland, maar een stem tegen een Nederlandse superstaat. In het ...lid van de Nederlandse grondwet staat dat de grondwet geïnspireerd wordt door de wil van de burgers van Neder-

land. De werkelijkheid is echter dat er geen Nederlands volk is dat om deze grondwet heeft gevraagd, maar dat een Nederlandse en Friese elite op zoek zijn naar een Nederlands volk dat niet bestaat.

---

B.J. Postma:

### OAN DE GEMEENTERIE FAN LJOUWERT

*Achtbere rie, achtbere folksfertsjintwurdigers,*

*No al wer sa'n oardel jier lyn sil it wêze, dat ik yn de nammekommissje-Krol fernaam nei de betingsten foar in doarps-nammeferbettering, fan, bygelyks Wirdum dat hjir net thúsheart, yn Wirdum dat hjir sa hiem en eigen is.*

*"De gemeente Ljouwert is ree om oer te gean ta ferfrysking fan de nammen fan doarpen sa gau as de ferfrysking fan plaknammen gjin kontroversjele saak mear is en de ferienings fan doarpsbelang en de ynwenners fan de doarpen (...) dêr foar binne."<sup>4</sup> a. Wy hawwe ús eigen lânsnamme, ús eigen wetterskipsnamme, ús eigen wetternammen en 9 eigentalige gemeentenammen; 36 % fan de doarpen hawwe har eigen namme (werom) en nije strjitten oan de stedsrâne en yn jim doarpen krije passende, i.e. Fryske, nammen. Sadwaande kinne 'Snakkerbuorren', Wirdum, en sa, gjin kontroversjele nammen mear wêze. b. As b. en w. oannimme wolle dat in bestjoer praat en skriuwt út namme fan syn feriening, is it dan ôfdwaande dat sa'n bestjoer freget om de passende, i.e. Fryske, namme? c. Wat bedoelt it kolleezje (dan noch) mei "de ynwenners fan de doarpen (...) dêr foar binne"? Ornaris komt it wurdsje de del op alle en yn dat gefal soe ien dwersbongel de befrijing fan de Hollânske namme keare kinne.*

*Wat Himpens/Tearns oangiet, wiis ik jim op in grutte mearheid fan de bewenners yn de jiergearkomste fan Doarpsbelang fan 30 maart 2000 foar de nammeferbettering.<sup>5</sup> Foar it gemeentebestjoer hie dat doe mear as genôch wêze kinnen om fan Himpens Himpens te meitsjen en Tearns Tearns.*

*It hat lang duorre, eardat de nammekommissje op 10 maart 2006 wer oer de doarpsnammen teset rekke. Dy kears krige ik op de stelde fragen noch gjin anderten. Wol kamen de antwurden te praat op my net-bekende fragen.<sup>6</sup> a. Yn 1991 moat de PTT in 275 gûne hawwe foar in adresferoaring. "Bij bevestiging van de woonplaats zal dat ook gevolgen hebben," waard steld (en de TPG-man dy't derby siet, rekkene him al*

---

<sup>4</sup>Skriuwen fan b. en w. fan 18 desimber 2001.

<sup>5</sup>Himpens/Tearns wil verfriesing, Ljouwerter fan 31 maart 2000.

<sup>6</sup>Brief fan de kommissjeskriuwster fan 6 febrewaris 2006.

---

ryk). Wie dêr lykwols better nei fernommen, dan hie bliken dien, dat se der yn Bur- gum, Grou, Wommels en Ferwert gjin reade sint foar delteeld hiene. b. "De grootte van beide gemeenten (Ferwerderadiel en Ljouwert, BJP) komen overeen. Dus zal het niet veel verschillen qua aantal komborden." It gie yn Ferwerderadiel lykwols om alle 13 doarpen en alle 105 buorden - de gemeentenamme waard dêr ommers ek ferbettere - en yn Ljouwert om mar 4 doarpen. No komt it wol gauris foar, tinkt my, dat in kolleezje in saak net rjocht sinniget (wakker oanstiet) en de kosten der fan dan te heech (te leech) rûst. It woe dy 10-de fan maart net by my wei, dat de kommisjefoarsitter eins nul en neat fan de passende doarpsnammen witte woe. Nei de kommisjegearkomste soe ik wol nea wer wat fan Snakkerbuorren en Wurdum, en sa, hearre, hie 'k tocht, mar de foarsitter, nommel en risnabel man, hat it der dochs yn b. en w. oer hân.

Op 17 maaie stie it nijs yn beide kranten: "Leeuwarden wijst Friese namen af" (Ljouwerter krante) en "Friese namen" (Deiblêd). Beide neamden myn namme. a. De kosten fan omneaming fan de 4 doarpen soene in 50.000 euro wêze. Dat wie ryklik en it kolleezje fieldesels wol dat der wat net doogde. De Topografyske Wurkgroep Fryslân koe en woe dêr it bewiis wol fan leverje, mar b. en w. doarsten der net op yn te gean. Ik leau, dat de bedoeling fan de 50.000 euro in warskôging wie oan it adres fan de oare gemeentebestjoeren: tink der om, dy âldman is ûnderweis. Helje de flapbarten en -brêgen op, beskoattelje de poartedoarren en lit de amtners de wacht rinne. b. "Alle inwoners zouden ook 125 euro vergoeding moeten krijgen om verhuiskaartjes te kunnen sturen." (Deiblêd) Dêr koe in húshâlding fan 3 minsken 961 kaarten mei ferstjoere. It kolleezje wie op syn manear oars ek wol sunich: der soe de deis fan it folkeferfarren gjin berop op 'e ME dien wurde lykas yndertiden yn Wommels, en op de Frjentsjerter sielknipers lykas as destiden yn Ferwert. c. "Burgemeester en wethouders denken dat dit - de omneaming fan de 4 doarpen, BJP - op weerstand stuit in de dorpen." "Dat is in heechhertige stedske hâlding, dy't tinken docht oan de âlderwetske regintementaliteit." (Piter de Groot yn syn 'Dwers', Ljouwerter 19 maaie 2006.) "Ook de dorpen hebben niet aangegeven dat ze de Friese namen willen." No moat it net mâlder. Himpens en Tearns wolle, alteast woene, stomme graach fan de Hollânske beneaming ôf.<sup>5</sup> It kolleezje wie finaal op 'e doele. Dat de oare beide doarpen, Snakkerbuorren en Wurdum har nea net opponearre hawwe soene, leit oan 4 ieuwen fan taal'polityk', dy't de Hoffoarsitter, frou mr. C.M.T. Eradus, yndertiid taal'repressie' neamde.<sup>7</sup> It liket my hiel fansels ta, dat gâns folk deawurch en skjyn ynein is fan alle taal'ûnderdrukking'.

Ik hie eins om neat oars frege as om de betingsten, te stellen oan it fersyk fan in doarp(sbelang) om de bewenners har eigentalige namme (werom) te jaan. It ferhaaltsje yn de kranten fan 17 maaie wie net de bedoeling, b. en w. bedoaren it nammespul der fierhinne mei. Mar moast en woe it kolleezje syn tsjinnigens yn de 5 letters - yn Himpens, Tearns en Wurdum elk mis ien en yn Snakkerbuorren 2 ekstra - perfoarst buorkundich meitsje, dan hie it my út fatsoen dat ferhaaltsje wol tastjoere mocht. Op 30 maaie en 6 juny haw ik der by de foarljochting noch om frege, by in Hakse, wol ik leauwe, mar dy hie it te drok (!). Dat ik sit noch sûnder de oarspronklike tekst.

Ik trúnje by de rie om der by b. en w. op oan te stean, dat

1. der yn 't koart fan nijs oer de doarpsnammen praat wurdt, sûnder "de heechhertige hâlding dy't tinken docht oan de âlderwetske regintementaliteit."

---

<sup>7</sup>Presintaasje fan it wurdboek yn Gerjochtshof, Ut 'e Smidte 35 (2001) nûmer 1.

- 
2. *by dat petear/besprek de Topografyske Wurkgroep Fryslân (C. Jousma, Lysterstrjitte 5, 9269 NR Feanwâlden) ek útnoege wurdt om mei te praten, benammen oer de kosten dy't der amper wêze soene.*
  3. *sûnder in fan tefoaren al ûnferwrigber fêstlein stânpunt, de arguminten fan wjer-skanten op 'e skealjes lein wurde en de swierste de trochslach dogge.*
  4. *it gjin spultsje wurdt as dat fan de wetternammen, dy't it kolleezje foar de helsdoarren dellein hie en dêr't in oar se dan mar weiskuorre moast.*

*Oars, mei Bitgummoolster achtige.*

---

## DE EIN FAN IN TIIDREK

*Op snein 21 maaie kaam der in ein oan in tiidrek: de jierlikse Fryske tsjerketsjinsten yn ien fan de Christian Reformed Churches fan de stêd Grand Rapids yn de Amerikaanske steat Michigan. Dy tsjinsten kamen ta stân troch de grutte ynset fan de yn Skearnegoutum berne prof. dr. Bearend Joukes Fridsma (1905-2005). Hy wie net allinne de inisjatyfnimmer foar de earste tsjinst yn 1957, mar wie hast oant syn hûndertste jier ta belutsen by de opset en de organisaasje fan de tsjinsten. Hiel faak sette er de preek oer, help de foargongers by in goede útspraak fan it Frysk en typte de liturgyen. Boppedat sette er 130 lieten út it 'Psalter Hymnal' - it lieteboek fan de Christian Reformed Churches - oer yn prachtich Frysk. Dy oersettings waarden altyd songen yn de tsjinsten.*

Jan Jongsma

Bearend Joukes Fridsma hie de hope dat er de fyftichste en lêste tsjinst meimeitsje koe. Hy mocht op 15 jannewaris 2005 syn hûndertste jierdei fiere. Ein maaie ferline jier ha 'k him opsocht, nei't ik in brief fan him krige mei dêryn de útnoeging: "As jo wer ris yn dizze omkriten binne, ik soe sizze: rin ris yn!" Ik naam my foar om by de earste de bêste gelegenheid dat ik yn Grand Rapids wie oan syn fersyk te foldwaan.

Yn de maityd fan 2005 mocht ik lieding jaan oan in reis fan stifting 'In de voetsporen'. De groep bestie út Friezen en op 30 maaie gongen wy nei

de argiven fan Calvin College. De fan de Grinzer Pein ôfkomstige professor Hindrik Baron wie sa freonlik om my efkes nei Fridsma ta te bringen. It wie myn twadde moeting mei him, mar dit petear mei dizze hûndertjierrige Fryske strider om utens sil lang yn myn ûnthâld bliuwe. Ien fan syn opmerkings wie: "Jo binne in wike te let.

Ferline wike snein hiene wy hjir in Fryske tsjerketsjinst, de 49ste. Takom jier maaie hoopje wy de fyftichste en lêste te hâlden. Wat soe it moai wêze as jo dy mei in groep Friezen meimeitsje koene. Ik ha him doe tasein om dêr myn bêst foar te dwaan.

'Op Frysk pionierspaad troch Amearika' betocht ik as tema foar in

---

reis, dêr't it bywenjen fan dy lêste Fryske tsjerketsjinst yn opnommen wie. Der tekenen foldwaande dielnimmers oan de reis yn en sadwaande koene wy mei 25 Friezen de tsjinst yn de Brookside Christian Reformed Church yn Grand Rapids meimeitsje. De grutte ynspirator fan de tsjinsten koe der lykwols net mear by wêze: Bearend Joukes Fridsma ferstoar op 12 oktober 2005. Yn tankber oantinken waard de tsjinst fan 21 maaie oan him opdroegen.

Foargonger wie de yn Wjelsryp berne Lieuwe Meiles Tamminga (76). Hy waard as jong kandidaat yn 1957 troch Fridsma frege om yn de earste Fryske tsjinst foar te gean en no mocht er de rige Fryske tsjinsten ek ôfslute. Meielkoar hawwe der yn fyftich tsjinsten 16 foargongers west. Ien dêrfan wie de inisjatyfnimmer Fridsma, hy hie de lieding fan de tsjinst yn 2000.

Guon dûmny's gongen meardere kearen foar. Twa binne koprinners mei elk 11 tsjinsten: de yn Sarnia wenjende Jan D. Hellinga en de yn Hegebeintum berne en yn no yn Grand Rapids wenjende Wiebe D. Buursma. Op it twadde plak folget Lieuwe Meiles Tamminga mei 8 tsjinsten. De oare foargongers yn meardere tsjinsten wiene: Sierd Woudstra (5 ×), Jelle Nutma (3 ×) en Wiebe Feenstra (2 ×). Ien kear gongen foar: Jacob Faber, Gerben malda, Jan Bylsma, Jan Koopmans, Jan de Jong, Jitze van der Schaaf, Meye N. Greidanus, Klaas Runia, Bearend J. Fridsma en Hindrik J. Baron.

Hoewol't de preek tidens de lêste tsjinst hâlden waard troch dûmny Tamminga, wiene der mear meiwurk-

ers oan dizze yndrukwekkende tsjinst. It wolkom waard útsprutsen troch prof. Hindrik Baron, wylst Koen Zondag de groetnis út Fryslân oerbrocht. De liturgy foar de preek waard fersoarge troch dûmny Wiebe Buursma en nei de preek troch Hindrik Baron en dûmny Sierd Woudstra. Der waard solo songen troch Hindrik Gysen en de tsjinst waard ôfsletten mei in prachtich duet fan Hindrik Baron en Hindrik Gysen. Mienskiplik waarden troch Fridsma oersetten lieten songen.

It tema fan de preek fan Tamminga wie 'Wannelje mei God' nei oanlieding fan it ferhaal fan Henoch. Tamminga seach him as in swalker en fergelike him mei in emigrant. It waard in yndrukwekkende preek: 'ut 'e holle en yn geef Frysk. De tsjinst waard bywenne troch sa'n 250 minsken, wylst op de earste tsjinst yn 1957 noch 600 besikers ôfkamen. It tal Fryskpraters yn Amearika rint stadich werom. By dizze lêste tsjinst kamen de measten /'ut Grand Rapids en omkriten, mar der wiene ek tsjerkegongers út de Amerikaanske steat Illinois, de Kanadeeske provinsjes Alberta en Ontario en fansels de groep Friezen. Nei ôfrin fan de tsjinst wie der noch in gesellige neisit. Dy duorre lang, want ien ding wisten de tsjerkegongers: dit komt net werom. Sy mochten de ein fan in tiidrek meimeitsje: de lêste Fryske preek yn Grand Rapids. Dêrby ûntbruts it net oan emoasjes. De oanwêzige Friezen waarden oantrune om de Fryske tsjinsten yn Fryslân net allinne fuort te setten mar ek út te wreidzjen. Dy oantrún fan de Friezen om utens jou ik hjirby troch!

*Heechachte Haadofsier,*

*Op 11 desimber 2000 wie der in lyts feestke yn it Ljouwerter Hof, dêr't it rjochtskundich wurdboek Hollânsk-Frysk oan de deputearre dr. Mulder oanbean waard.*

*De doetiidske hoffsitter, frou mr. Eradus, hie it by dy gelegenheid oer fjouwerhûndert jier Frysk: lang soe ús folk syn eigen sprake yn de rjochtseale net prate noch sprekke hawwe mocht, en dêrtroch mist it no in formele rjochtstaal. De presidinte neamde fjouwer ieuwen fan taalpolityk fjouwerhûndert jier fan taal'repressie', fan taalûnderdrukking dus.*

*De Kneppelfreedofsier, mr. F. Hollander, moat der yndertiden wakker mei ophân hawwe. "Hy wie in útsprutsen fijân fan 'e Fryske biweging en hie alris útlitten, dat er dêr nochris mei ien klap in ein oan meitsje soe." (F. Schurer: 'De bisleine spegel') Jo Iepenbier Ministearje is fansels noch itselde as dat fan it begjin fan de fyftiger jierren, allinnich de ofsieren binne aldergeloks oare as dy fan doe.*

*Safier't ofsieren ientalich binne, komme se út in oarstalige maatskippij yn ús mien-skip telâne. Datoangeande is der in prinsipjele oerienkomst tusken in Hollânske ofsier yn ús (Frys)lân en in Turksk-prater yn Hollân. Mar der soe likegoed in prinsipiële ûnderskie wêze tusken dy beide gefallen: in Hollânske ofsier te uzes soe ta kinne mei ferstean en lêzen fan ús taal, mar de Turk yn Hollân moat en sil him teminsten mûnling mei it Hollânsk rêde kinne.*

*Guon (rjochters en) ofsieren meie dan in Afûkkursus fan in fjirtich/fyftich lesieren hân hawwe, mar oft se alle gearre ús fersteane, stiet yn 'e kiif. Benammen oan it Saailân binne Fryskpraters ûnder de (rjochters en) ofsieren in hiel lytse minderheid.*

*Jo hawwe it josels oe sa maklik makke: "Sommige mensen vinden ook, dat je de taal moet spreken, dat vind ik dan weer overdreven." (Jo sizzen neffens de Ljouwerter fan 27 maaie.) Wêrom't jo dat oerdreaun achtsje, dat stiet der net by. Jo jongste ofsier wit wol dat er net by de rjochter oan hoecht te kommen mei in 'dat vind ik'. Dêr heart in 'dêrom' by. Jo binne net fierder kommen as in 'dat vind ik (dan weer overdreven)', sûnder in 'dêrom'.*

*Mei jo Hollânsk hawwe jo de taalpolityk fan fjouwer ieuwen fuortset, mei ús sprake hiene jo ús fan in stikje fan dy polityk - ûnderdrukking, neffens frou mr. Eradus - befrije kinnen.*

*Mei Bitgummoolster achtinge.*



Troch in fiks tal fan ús leden en lêzers waard it ledejild (€7,50) of lêzersjild (€5) foar 2006 al oermakke. Guon joegen sels in dofke mear en dêr binne wy wiis mei. Dat kinne wy brûke, want op elk nûmer fan 'Lyts Frisia' moat de lêste tiid wat talein wurde. Foar wa't noch net betelle hat, is yn dit nûmer in strypke ynsletten mei it fersyk om sa gau mooglik ta betelling oer te gean op gironûmer 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

'Lyts Frisia' komt fjouwer kear yn it jier út. Dit is it 3<sup>e</sup> nûmer fan 2006. Foar it 4<sup>e</sup> nûmer, dat ein desimber ferskynt, moat de kopij binnen wêze foar 15 oktober. Betingst foar regelmjittich ferskinen is foldwaande kopij. Dêr ûntbrekt it spitigernôch noch wolris oan. Wy roppe ús leden en lêzers dan ek op om ris in stikje yn te stjoeren. Wy tinke dan benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.